

Rebûlje yn 'e wûnderbosk

- en alles
troch dizze sykte

Vertelt door Björn Enno Hermans

Illustratie: Annette Walter

Vertaalt: Simone Scheffer

Leave bern, leave âlders en alle ynteressearren.


Ben winsket jim allegear trochsettingsfermogen,
krêft en Kreativiteit ta yn dizze tiid fan it
Coronafirus! Wês wiis mei alle mominten!

In soad plesier mei dit
ferhaal, graach trochstjoere.

Groetjes van Ben,
Enno, Annette & Simone

08.04.2020






Ben is in lytse bear fan trije jier.
Hy libbet mei syn heit en mem,
syn broer en suske yn 'e wûnderbosk.
Dat is in macht moai plak mei in hiel soad
oare bisten. It leukst fynt Ben al syn
freonen fan de berneopfang.
En oeral is der wol wat te sjen of
wat om mei te boartsjen.



Pake en beppe wenjenek yn de omkriten fan deselde bosk.
Ben fynt it hiel fijn om by pake en beppe te wêzen. Alle woansdeis is hy by harren.
Faak mei hy ek yn it wykein by pake en beppe út fan hûs.
Thús by heit en mem fynt hy it ek gesellich.
Meastentiids kin hy it ek goed fine mei syn broer en lytse suske.
Sometiden ha se ek spul mei mekoar.



Op in dei heart hy hoe't heit en mem oer in sykte prate.

Earne, hiel fier fuort yn in oar bosk binne in hiel soad bisten siik wurden.

It is in nije sykte, net ien hie der earder oer heard. De bisten yn'e bosk hiene koarts en moasten hoastje. Mei in soad bisten gie it al gau wer better. Mar in pear waarden wol hiel siik.

Sy moasten nei it sikehûs. It binne benammen de âldere bisten dy't sa siik wurde. Guon hiene ek al in oare kwaal. De heit en mem fan Ben binne in bytsje ûngerêst, miskien komt dizze nije sykte ek yn harren bosk, ek al is de oare bosk in hiel ein fierderop.



Op in dei heart Ben dat de das yn ' wûnderbosk koarts hat en hoastet.
Op himsels is it net sa slim as je hoastje en koarts hawwe mar no tinkt elkenien dat it wis en seker dizze nije sykte is. Ek Ben tinkt dat.
En ja, it is de nije sykte.
Gelokkich giet it al gau wer better mei Das.
Omdat de sykte hiel maklik oer te bringen is wurde hieltiid mear bisten siik.



It is krekt as yn 'e oare bosk.
De jonge bisten binne gau wer better of fiele der hielendal neat fan.
De measte bisten wurde ek hielendal net siik.
De âldere bisten hawwe der wol bot lêst fan en guon wurde sels hiel slim siik.



De ûle is de baas yn 'e wûnderbosk.

Sy is soks as in boargemaster of keninginne.
Sy moat der foar soargje dat yn 'e bosk alles
goed ferrint.

De ûle is oan it betinken hoe't sy dizze sykte
rap út de wrâld helpe kin.

“Dat slagget allinnich as de bisten net mear
bymekeoar komme. Dan kinne se mekeoar de
sykte net mear oerjaan.”

Dat wit sy seker.

Fanôf in beam lit se elkenien witte wat se betocht hat:

De skoallen yn 'e bosk en de BSO wurde
fuortendaliks sluten.

Ek de berneopfang foar de lytskes giet ticht.

Alle bern moatte thús bliuwe en meie net
mear mei freontsje ôfprate.

Net ien mei mear yn 'e boarterstún.

Ek de grutte bisten kinne it bêste sa min
mooglik út harren hol en nêst komme.

Allinnich om iten te sykjen en foar oare saken
dy't echt moatte.



*Boskboarterstún
slu.....



Ben en alle bewenners fan de bosk binne ferrast.
Guon kinne it net leaue.
Alles sluten? Hoe kin dat?
Boppedat moat elkenien faak de hannen waskje.
Hoastje en prûste mei allinnich mar yn de earmtakke.
Ben wit dat al en docht dat ek al.
Dat hy net nei de berneopfang mei fynt hy
hielendal net leuk.

De ûle seit noch wat:
Lytse bisten mei perfoarst net nei
harren pakes en beppes op dit
stuit Elkenien skrikt derfan.
Wat mient dv ûle wol?



Ben wurdt hiel fertrietlik.
Hy hat grutte treannen yn syn brunenbeate-eagen.
De ûle leit oan de bewenners fan de bosk út:
De nije sykte is benammen foar de âldere bisten hiel gefaarlik.
De jonge bisten soene de âlderen besmette kinne.
Dat begrypt elkenien wol.
De pakes en beppes wurde ek hiel fertrietlik. Sy hâlde safolle fan harren bernsbarn.



Mar elkenien hâld no de kop derby,
net ien wol dat harren pake
en beppe siik wurde.
Dêrom bliuwe de pake
en beppe foarearst
yn harren beamhut.
Allinnich om iten te sykjen
gean se der noch efkes út.
Leaver littense it iten bringe
en ûnder oan de beam delsette.
Ek de lytse bisten binne thús
by heit en mem.

Der wurdt no in soad yn
it gesin boarte.



Neidat al in pear wike foarbyggen binne heart
Ben heit en mem mei mekoar praten.
Se hawwe it deroer dat der hieltiid
minder bisten siik wurde.
Eindelik mei Ben syn
pake en beppe we sjen.
Hy is superbliid.



It bêste is it wol
dat pake en beppe
net siik wurden binne.
Dêrfoar hat elkenien
it sa lang folhâlden.
Ben is troch alles hinne,
hy kin mar net ophâlde mei kletse en krûpe.
In pear dagen letter giet ek it bernedeiferbliuw wer iepen.
Dêr hat Ben hiel bot nei útsjoen.

Eindelijk
is alles
wer
gewoan.
De heit en mem fan
Ben binne ek hiel bliid.
Elkenien sjocht der gelokkich út.
“Dat ha wy goed dien“
seit de mem fan Ben.
Dat fynt Ben ek.
Net ien wol sa'n stomme sykte
noch in kear meimeitsje.

